

Ferfarre nei Foestrum

Bylden ut it ferline (Diel 1)

IT JONKJE

It jonkje lei yn 'e widze en Lieuwkje yn it kreambed. Froukje en Jantje kamen op kreambesite. "Oe Lieuwkje, is dat dyn pop !" Ik moat er wol mizerich utsjoen hawwe. It wie net folle en it soe ek wol net folle wurde. Hja hawwe de fjouwer punten fan in ruft oan mekoar knope, my d'r yn lein en oan't hingster hongen. Letter moast ik gauris hearre dat ik net folle swierder wie as in heal brea. Ik wie de fiifde ut it gesin, dat letter utgroeie soe tot "Lieuwkjes tsien"

IT FOARGESLACHT

Mem kaam ut it patrisiers-geslacht fan de Raap famylje ut de Walden. Heit syn pake wie Tsjalling skroar , dy't yn 1906 ferstoarn is. Hy siet yn klearmakkerssit op 'e skroarstafel foar it iepen rut en dan stie heit derfoar om syn rymkes oan te hearren

"- Ik run en ik run- de skeanpaden lans
fan Koarnjum nei Britsum
tot ik myn Japke fun
en der kriig 'ik in klontsje
dat mei de kop ta it kopke ut kypte".

De Schotanusen hienen hiel wat dunny's en professoren yn hjarren foargeslacht yn 'e foargeande ieuwen.

DE SWEAGERMIEDEN

Der yn 'e Sweagermieden wiene Tsjalling en Lieuwkje terjochte kommen fan of de midden fan 'e Lange Loane, wer't hja yn in dubeld hus neast Bokke Klas wenne hienen. Dat foel doe stiids noch under Westergeast en us Sjirk hie Foestrum dus as berteplak, wylst er oan 'e Lange Loane berne is. Yn 'e Mieden binne noch fiif berne, der is ien nei in heal jier de widze-dea stoarn. Dus eigentlik wie ik de seisde. No sieten hja dus yn'e Mieden , Foarhinne wie dat Feangebied west en Albert Koster koe noch wolris smaaklik fertelle oer de gewykste feanbazen. Hy koe it witte want hy wie it sels yn Grinslan ek west. Dizze feanbazen wienen altiten ut it op 't foardielichst Hja lieten de skippers op ferskate tiden komme om 'e turf of te fieren. Sadwaande koene sy yn 'e opfeart mekoar net yn it farwetter lizze . Sa halden hja de kroaders ek oan 't wurk.

JASPER WURD JOPIE

Ik moast Jasper hjitte. D'r wiene al mear as ien Jasoer west by Sjirk en Seke , us Heit syn aldens. Twa wiene al hiel jong ferstoarn en yn 1929 wie de tredde op 22 jierriche leeftiid oan in slimme sykte weirekke. Beppe Seke wie al yn 1927 ferstoarn, Dus beppe Seke hawwe wy as bern net kint. De Jaspers wer't ik it oer hie wiene neamt nei de heit fan beppe Seke en dat wie Jasper hunekarre . Dy hie yn'e walden, der't us mem wei kaam , net sa'n goeie namme . Hy ferkeape tsiis. Doe't er ris by in wyfke oan 'e doar kaam, sei it wyfke: Sa'n bleekskeet hoef ik net" Jasper sei "Mar wyfke ik haw se ek wol bruner op 'e karre". Hy run efkes werom nei de karre , pakte syn prumke ut 'e mule en kaam wer by it wyfkemei in moaie brunen ien. Doe't er de kommende wike wer kaam sei it wyfke Hawwe jo noch sa'n moaie brunen foar mei? Doe't dit utkaam hiene de minsken net safolle mear op mei Jasper fan der Heide. Mem woe it wat fertsjusterje dat myn namme by Jasper hunekarre wei kaam en ik waard Jopie neamt. Ik haw it ferhaal fan Janus-om , mar syn ferhalen moasten eigentlik op 'e ljedder sille wurde oftewol men moast syn ferhaaltsjes mei in kerreltsje salt nimme.

IT FERTIER YN'E MIEDEN

De opgroeiende bern hiene it der goed nei't sin. Hja formakken jins mei sleatsje springen en sokswat . Heit wist wol fan welk hout men it beste in polstok meitsje koe. Aaisykje yn 'e maitiid waard in protte dien. Winters reedride op it iis yn 'e feart en as it iis wat sterker waard op 'e Sweagerfeart en dan richting grutte Harke en Rinse Akke. De grutten op redens en de lytsen op 'e slide. Yn sokke winters hienen se folle mear kontakt mei oare minsken. Men kaam er wat makkeliker en men kaam se tsjin op it iis. Simmers meihelpe yn it hea by de boer , dy't lan hienen yn 'e Mieden. Heit en mem hienen goed kontakt mei Sape en Yt en se hawwe dat ek altiten underhalden.

JILD FERTSJINJE

Der moast al gau wat fertsjinne wurde ek troch de bern. Sjirk wie noch op 'e Legere Skoalle at er moarns foar skoalle-tiid al mei gladioalen by de streek wie. Dat wie goed spannend want hy moast it spul al kwyt weze foar at de skoallebel liede. Sa hat de postboade op 'e Sweach him nochris ferlost fan syn leste boskje blommen, om 't er begrutsjen mei it jonkje hie, doe't dy bang wie om te let op skoalle te kommen.

PAKE SJIRK OP 'E SWEACH

By pake op 'e Sweach koene wie beien plukke en it liif fol ite. Fierders koene wie us der ek wol fermeitsje mei fan alles en noch wat. Pake hie in weagerij mei in hefboom-funksje. De grammen en unskes moasten mei tsien fermannichfaldige wurde en dan wisten we hoe swier at we wienen. It shit my yn't sin , dat pake Sjirk , doe't tante Jo troude in 1940 , yn it skoft tusken Gemeentehus en de Tsjerketsjinst yn, us woegen hat. Dat weagen wie dan lykwols ek in hiel seremonieel. De mizeriche pop ut de widze wie no acht jier en woech doe 45 pun. Ik wie sa meager as talhout.

WOLRIS UNDOGENS

Noch efkes werom nei us tiid yn 'e Mieden. Fan it understel fan 'e bernewein waard in karre makke en der waard hiel wat mei boarte . In dochter fan Jan e'Beits (dy't mei Kees en Hiltsje by de Sweager-feararterbrege wennen) koe it letter wol gauris neifertelle , hoe't se yn 'e sleat ien fan us jongens under de karre wei lutsen hat en at m'n Baukje leauwe mei hat se him dus red fan in wisse dea. It hiet dat de jongens noch alris undogens wiene. Sjirk hie sunder tastimming de fyts pakt en wie der fan troch gien. Mar op in smel paadsje foel er om en rekke yn 'e prikkeltried. Sadwaande hat er syn libben lang in groede op it gesicht han. Dy groede waard us ta foarbyld fan dofhudigens stelt. Ik haw letter ek sokswat meimakke. Ik roun hiel hurd fuort wylst ik op Hanke passe moast en doe knoffele en foel ik, wertroch ik myn skouderbonke bruts. Doe't dokter De Jager kaam sei heit: "soks kriget men as men net docht wat er sein wurd". Ik haw seis wiken mei de han yn'e doek run en wie dus dermei ek in foarbyld fan wat undogense bern oerkomt.

AAISYKJE

Foar de plysjes wie it toppunt fan undogensheid : it aaisykjen yn 'e ferbearne tiid. Jan-om en Trienmuoi wienen der yn 'e Mieden us neiste buorren. Hja wennen yn it hus wert letter Sietze de Vries ynkaam doe't Jan-om en dy yn in wenwein by pake Sjirk op 'e Sweach jins op 'e tun ta wenjen setten hawwe. De jongens slipten doe by pake op 'e iepen solder. Der yn 'e Mieden waarden harren jongens en myn aldere broers yn'e ferbearne tiid wol gauris efternei sitten troch plysje Lap, at we de ferhalen leauwe meije. It gie der dan om wa't it earst by de skou wie yn de opfeart. It makke net iens sa folle ut want de plysje koe se thus ek wol finne. It gie de jongens om in lekker ljipaaike op brea, mar yn 'e aaisykerstiid gie't mear om in pear sinten die't it opbrocht. Doedestiids tochten Sjirk en Siep noch net sa bot oan 'e fugelbeskerming, wert se jins letter folop foar yn sette soene.

Foestrum us nije doarp Bylden ut it ferline (Diel) II

YN'E BESKAAFDE WRALD

Fan 'e miet of fielden wy us goed thus op it nije plak. Fan ut de mieden wat tichter by de beskaafde wrald. Piter v.d. Werff dy't no yn kanada sit, wit te fertellen dat de grutte bern fan 'e nij-bewenners foart de earste dei al my him fjochtsje woene. Hy hat de boat mar wat afhalden.

OP 'E SWEACH OP SKOALLE

Foar de lytsen wie us seke in soarte twadde mem. Wy gienen noch hieltiten nei de Sweach nei skoalle (letter nei de trieme) en sy moast soargje dat er my neat oer komme soe. In kear wie it soks ferskriklik waar. It snii-jage en de sniidunen op it lykpaad leinen witte heech. Seke wrotte om er mei my troch hinne te kommen. Sy seach er gjin gat mear yn en dus wer op hus oan. Mem hat us der foart wer op ut jage. "Tinke jim dat ik jimme hjir thus hawwe kin ". Sy wie wol hurd foar us. "gean mar oer de Bunte Hun at it net oer it Lykpaad kin." Wy moasten us mar troch it libben slaen. Heit wie wat seftsedicher, mar dy wie as los arbeider in protte fan hus. Lykas as Seke us twadde mem wie , wie Sjirk in soarte twadde heit. Doe't hy yn 'e heechste en ik yn 'e leechste klasse siet, naam er my ek wolris mei op 'e fyts nei de Sweager skoalle. Ienris fytst 'er oer de balke boppe de sleat nei it lykpaad. Ik skrok sa bot en tocht dat wy deryn falle soenen dat ik sprong er of, mar ik hie dat in pear sekonden earder betinke moatten, want ik kaam midden yn e' sleat terjochte. It wie op in Moandeitemoarn. Juffer Molemaker kaam krekt ut Dokkum en koe de boadskip trochjaan op skoalle dat we te let komme soenen om't it jonkje earst nei hus moast om droege klean.

US NIJE BUORREN

Wy kamen te wenjen tusken Reinders Griet en Wiebe'n Ytsje. Reinder Dijkstra wie brekarreman foar feanwalden, mei in bakfyts. Wiebe van Dyk hie in buorkerij. De pleats wer't nei us tiid de Bergsma's wennen. By dy buorkerij oer it hiem hienen wy rjocht fan paad. Ienris runen wy as bern al mar oer dat paad hinne en wer mei de moanne. Wybe krige der in hekel oan en hy sei tsjin us dat wat wy dienen spotten wie mei de Heare God om sa mei de moanne op en del te rinnen en hy frege us at wy dat learden yn'e Baptisten Tsjerke op Sanbulten. (Ik tink dat it him in bytsje stuts dat we net mear griffemeard wienen) Dat wybe sa tsjin us tekear gie makke wol sa'n yndruk op us dat wy der gau mei ophalden binne. Letter haw 'ik wol gauris tocht dat it in gemiene streek wie om lytse bern op dizze manier under druk te setten.

OPPASSE FOAR FERKLIKKERS

Der wiene in pear minsken yn it doarp dy't tochten dat we der op foarut gean soene mei dizze ommekear. Ruerd rop nei Hidde dat de tiid fan 'e kealleregistraasje no wol foarby weze soe. It pakte wol oars ut. Der kamen spesjale feekontroleurs. Ek ien ut us doarp kaam by de feekontrole yn tsjinst. Men hie net safolle op mei potkikers. Der moast wolris in skiep of in barge slachte wurde, om't men te min fleis ep 'e bonnen krige. Der waard letter nochal hannele yn unregistread fee, foaral tsjin it ein fan de oarloch. Piter Huzinga fan Sanbulten reizge de boeren of om fee te keapjen. Hy naam my doe oeral mei hinne. It heucht my noch hoe't er my meinaam tot efter Ie, wer't er in skiep kocht hie en dat moast ik nei Foestrum bringe. Underweis waard ik oanhalden troch twa feekontroleurs , er't ek dy ut us doarp by wie. Der waard frege wer't ik mei it skiep hinne moast. Ik wist allinne dat ik it yn it tredde stikje lan foar de brege los litte moast. Fan wa't it wie : Fan Piter dy't wolris by us buorman komt . In wonder dat se my toch rinne litten hawwe.

DE REDEN FAN US VERHUZINGNEI FOESTRUM

Heit wie seizoenarbeider . Hy hat sels in tiid noch wol mei in pear sweagers arbeide op texel. Wy koenen noch wol reedlik troch de tiid komme, mar der mocht neat besonders barre of it soe mis gean kinne. In dy tiid kamen Piters Froadtsje mei har soannen ek by us yn 'e Mieden te wenjen. Hja wiene op 'e Walddyk yn it fallisement rekke yn die krisistiid (Piter Sudema kaam ek foar yn 'e ferhalen ut e' alde doaze fan de Foestrumer) Dus der kamen noch in pear undernimmende jongens by yn 'e Mieden. Spitichgenoch barde der wat slimmens mei us. Efter us hus stie in grutte skuorre, fol mei lytse pykjes. De aaien wiene utbred yn in masine. At it kald waard dan krupen hja by-inoar under de ferwaar-mingskachel. Dy kachel rekke ienris ut en de pykjes krupen boppe opinoar en de measten wiene dea doe't mem it untduits. Fan it fertsjinst op 'e hinnen soene wy it hus fierder ofbetelje, mar der koe dus neat fan komme . De bank wie ungenedich. Pake ut Driezum woe wol garant stean, mar doe't se dat net akseptearde , kocht er ut wraak in hus foar us yn Foestrym oan'e Trekwei foar F.1700. Dat wie in hiel bedrach yn 'e krisistiid. Troch de jierren hinne hawwe wy it werom betelle. Pake en beppe wienen blier dat we derwei wienen om't se der dochs net sa folle mei op hienen dat hjar ienichste dochter der yn'e ald Mieden siet mei de hushalding.

MEI HARM TURKSTRA YN IT FRACHTSKIP

Tsjalling en Lieuwkje mei de hushalding krigen in hus oan 'e Trekfeart. Sa barde it dat it beslut naam waard om te ferfarren nei Foestrum. Ferfarre in de meast letterlike betsjutting fan it wurd. Harm Turkstra hat us mei us spullen yn in soarte frachtskip ophelle, de Sweagerfeart lans nei Foestrum. Mem is mei Sije en hennie yn 'e bernewein der hinne kuiere. De grutten op'e fyts oer it Lykpaed en de oaren meiinnoar op'e boat. Klaas-om ut Driezum holp ek mei om te ferfarren en underweis koe er syn pypke smoke. Heit syn piip lei in dy krisistiid al in aardich skoftsje op'e boaiem fan 'e Sweagerfeart om't er it jild net mear foar tabak bruke koe. Wy fearen by de mune fan'e Hammen lans. Der by de mune en umkriten soene we letter wol gauris us fertier wer sykje. Yn dy foaroarlochse tiid kamen wy dus yn Foestrum terjochte.

UT EN TROCH WER WEROM NEI DE MIEDEN

De alde omkriten lutsen us noch wolris werom . Letter gienen we dan noch sa ut en **troch**, hielendal fan ut us nije wenplak mei in stel kameraden en kameraadskes yn in pear roeiboaten der wer hinne om der yn 'e Mieden in dei te kampearjen . Bearn en Anne fan Sjuk 'e Wyts wienen der dan ek by. Dy hienen earder ek oan de Sweagerfeart wenne. Wy sieten doe ris ferlegen om in itensierderspanne en wy gienen nei Piters Froadtsje om te freegjen at we de panne fan har amrak bruke mochten om wat ieten te sieden op in iepen fjur. "Mar jongens dat is gjin itenspanne dat is in po" sei se en wy stienen der mar wat beteutere by te sjen, om't er wol twa earen oan sieten.

THOMAS KOSTER FERDRONKEN

At er iis wie dan sieten we ek altiten wer rillegau op 'e Sweagerfeart. Letter waarden we wol wat foarsichtiger doe't Thomas fan Jehannes Koster yn in iiswak rekke en ferdronk. Jente syn neef hat noch probearre om him er ut te heljen mar dat is net lukt. Doe moasten se hielendal nei Tsjibbe Kupers om de reddingsheak dy't der oan 'e buten muorre hong . De skoansoan fan Jehannes de Vries, in fiskerman ut Zoutkamp, hat him der utdregge. Soks bliuwt jin jins hiele libben by.

DE REDEN FAN US VERHUZINGNEI FOESTRUM

Heit wie seizoenarbeider . Hy hat sels in tiid noch wol mei in pear sweagers arbeide op texel. Wy koenen noch wol reedlik troch de tiid komme, mar der mocht neat besonders barre of it soe mis gean kinne. In dy tiid kamen Piters Froadtsje mei har soannen ek by us yn 'e Mieden te wenjen. Hja wiene op 'e Walddyk yn it fallisement rekke yn die krisistiid (Piter Sudema kaam ek foar yn 'e ferhalen ut e' alde doaze fan de Foestrumer) Dus der kamen noch in pear undernimmende jongens by yn 'e Mieden. Spitichgenoch barde der wat slimmens mei us. Efter us hus stie in grutte skuorre, fol mei lytse pykjes. De aaien wiene utbred yn in masine. At it kald waard dan krupen hja by-inoar under de ferwaar-mingskachel. Dy kachel rekke ienris ut en de pykjes krupen boppe opinoar en de measten wiene dea doe't mem it untduits. Fan it fertsjinst op 'e hinnen soene wy it hus fierder ofbetelje, mar der koe dus neat fan komme . De bank wie ungenedich. Pake ut Driezum woe wol garant stean, mar doe't se dat net akseptearde , kocht er ut wraak in hus foar us yn Foestrym oan'e Trekwei foar F.1700. Dat wie in hiel bedrach yn 'e krisistiid. Troch de jierren hinne hawwe wy it werom betelle. Pake en beppe wienen blier dat we derwei wienen om't se der dochs net sa folle mei op hienen dat hjar ienichste dochter der yn'e ald Mieden siet mei de hushalding.

MEI HARM TURKSTRA YN IT FRACHTSKIP

Tsjalling en Lieuwkje mei de hushalding krigen in hus oan 'e Trekfeart. Sa barde it dat it beslut naam waard om te ferfarren nei Foestrum. Ferfarre in de meast letterlike betsjutting fan it wurd. Harm Turkstra hat us mei us spullen yn in soarte frachtskip ophelle, de Sweagerfeart lans nei Foestrum. Mem is mei Sije en hennie yn 'e bernewein der hinne kuiere. De grutten op'e fyts oer it Lykpaed en de oaren meiinnoar op'e boat. Klaas-om ut Driezum holp ek mei om te ferfarren en underweis koe er syn pypke smoke. Heit syn piip lei in dy krisistiid al in aardich skoftsje op'e boaiem fan 'e Sweagerfeart om't er it jild net mear foar tabak bruke koe. Wy fearen by de mune fan'e Hammen lans. Der by de mune en umkriten soene we letter wol gauris us fertier wer sykje. Yn dy foaroarlochse tiid kamen wy dus yn Foestrum terjochte.

UT EN TROCH WER WEROM NEI DE MIEDEN

De alde omkriten lutsen us noch wolris werom . Letter gienen we dan noch sa ut en **troch**, hielendal fan ut us nije wenplak mei in stel kameraden en kameraadskes yn in pear roeiboaten der wer hinne om der yn 'e Mieden in dei te kampearjen . Bearn en Anne fan Sjuk 'e Wyts wienen der dan ek by. Dy hienen earder ek oan de Sweagerfeart wenne. Wy sieten doe ris ferlegen om in itensierderspanne en wy gienen nei Piters Froadtsje om te freegjen at we de panne fan har amrak bruke mochten om wat ieten te sieden op in iepen fjur. "Mar jongens dat is gjin itenspanne dat is in po" sei se en wy stienen der mar wat beteutere by te sjen, om't er wol twa earen oan sieten.

THOMAS KOSTER FERDRONKEN

At er iis wie dan sieten we ek altiten wer rillegau op 'e Sweagerfeart. Letter waarden we wol wat foarsichtiger doe't Thomas fan Jehannes Koster yn in iiswak rekke en ferdronk. Jente syn neef hat noch probearre om him er ut te heljen mar dat is net lukt. Doe moasten se hielendal nei Tsjibbe Kupers om de reddingsheak dy't der oan 'e buten muorre hong . De skoansoan fan Jehannes de Vries, in fiskerman ut Zoutkamp, hat him der utdregge. Soks bliuwt jin jins hiele libben by.

Diel 3

By de smid

Sneins nei de middeistsjerketsjinst stie de jongerein altiten by Ielke Smid. In stel lanwachters (Jan Hagel) ut Kollum en fan Kollumerswaeach kaam op fytsen delsetten mei hjarren jachgewearen op'e rech. De jongens skeaten alle kanten ut. Lokkich hawwe se net ien te pakken krigen. In pear jonge mannen ut us doarp binne nei Dutslan gien om om it fertjinst of om fan 'e spanning of te wezen. Hja koenen by thuskomst nei de oarloch ferskrikkelike ferhalen fertelle. Ien dy't net werom kaam wie in soan fan Klaas Vries. Men seit dat er der in hinnebedriuw yn Dutslan hie en by in bombardemint umkaam is. Syn heit en suster wienen by de NSB. Dy heit is noch yn'e oarloch ferstoarn. Yn earste instansje stie der in grefskrift yn it Duts op 'e stien :In liebens heilende handen" . Letter doe't frou Vries ferstoarn is, is de stien ferfongen. Dr. Fokkema de broer fan Frou Vries hie al yn 1930 op in Sindingskonferensje warskoge tsjin it Nasjonaal Sosjalisme. De yndruk is dat frou Vries as suster fan dr. Fokkema (en dochter fan Jan Fokkema en Wypkje de Bruin) it wol net sa bot iens west hat mei de rest fan har eigen hushalding. dy't swier op'e dutse kant wienen.

In gesellige boel

It wie wol in gesellige boel by us thus. Altiten in hus fol minsken en gauris mei in fjirtsjen minsken oan'e itenstafel. Hoewol de treie lytsten sieten op in apart bankje tsjin'e keldersdoar. At heit oan bibellezen en danken ta wie dan kaam Feike Tunstra noch alris by us binnen en wy hienen der aardichheid oan dat'er de pet foar de eagen die at wy bidde moasten. It prumke kaam dan ut de mule en even yn'e tabaksdoaze. Dat die der ek altiten by de Westergeaster-tsjerkedoar, want der stie op in buordsje yn'e tsjerke "Rookten en tabakspuwen is in deze kerk verboden". Ienris hearden wy in skelle skreau fan Feike. In auto by Tsjibbe Kupers wie efterut fan't hiem riden en sa kaam Feike under de auto en bruts in skonke. Hy moast nei it sikenhus en kaam rillegau werom mei in skonke yn it gips. Wy moasten doe alle boadskippen foar de alde minsken dwaan en krigen dan faak in suertsje of sokssawat.

De boer op

It wie 1944-45 in kalde winter. Eltse dei gienen wy de boer op om molke. Yn'e hjerst hienen wy utsocht wer't de terskmaschine stie en waard besocht om wat rogge of weit te hamsterjen. Ik kaam geregeld by de de Bruns oan 'e Simmerwei. De Sint Bernardshunen fan Wybe en Heine de Brun sprutsen sterk ta myn ferbylding. Yn'e waarme stal moast ik wachtsje tot it melken foarby wie en ik wit noch goed dat yn'e tuskentiid de hunen even kamen om oan my te sniffeljen. Ik wist doe noch neat fan it undergrunske wurk wat der barde. Wy witte hoe ferskrikkelik it ofrun is mei Heine Wybes tidens de befrijing. In fermomde Dutse auto waard oansjun foar in Kanadeeske jeep. In bitter barren wer't ek noch altiten mei fertriet en weemoed oan werom tocht wurd.

Mark de Jager en Frans Dykstra

Hja hienen tegearre in skipke. It waard brukt foar fan alles en noch wat. Tsjin it lest fan de oarloch ferfarden se prikkebosken en wylgeteannen. Op'e klaai sieten fral de bakkers ferlegen om branhout. Karel Veenstra en ik mochten mei fan ut Foestrum nei Peasens-Moddergat. Wy moasten helpe: it skipke luke, de earappels skile, de ofwask dwaan en meihelpe by it yn- en utladen. Frans en Mark joegen us de gelegenheid om te bidden en te danken by it iten, om't se wisten dat we dat thus went wienen. Ik tink dat it in broer fan Kobus van der Veen fan 'e Trieme wie dy't it spul opkocht hie fan Fokjes Durk en wy mochten it mei run bringe. "Bringe jimme dizze prikkebosk even nei Ediketine. Dy wennet der en der ensf. Karel en ik kamen der oan 'e doar en fregen:"Binne we hjirre by Ediketine?" Dat minske hat us wol sa bot utflokt dat wy stienen te triljen op us fuotten. It wie har skeldnamme. Wy wienen der mei oare ferwachtingen hinne gien, om't we tochten dat we in goeie died dienen. It wie begjin april 1945. Op'e weromreis ha wy it goed benaud hawn. Eltse kear at we it gerunk fan fleanmasines hearden gienen wie nei de kant om us te ferskuljen en us ut 'e buert fan it skip te bejaan om't er gefaar wie dat se der op ofkomme soenen. Wy kamen krekt foar de befrijing wer feilich yn us doarpke oan.

It ferset

Wy murken wol dat der hiel wat dwaande wie, doe't wy wer thus wienen. By pake yn Driezum fernom ik dat der al gefechten tusken Dutsers geande wienen yn Damwald en umkriten. En wat wie pake der graach by weze wollen, mar hy fersuchte: se kinne my net mear bruke ik bin te ald".Under de lieding fan Pyt Smids ut Driezum hat it ferset de Dutsers der utskeakele. Oeral yn Driezum stienen minsken by de daam om sa gau mooglik te witten hoe't it ofrinne soe. Yn Foestrum hawwe der gjin gefechten pleats hawn. Wy hienen ek gjin eigen fersets-beweging, sa as yn Aldwald en op'e Sweach. Mei Kollum hawwe die slach leavere by Dokkumer Nijnsilen. Auke fan winkelman Attema wie yndielt by de Sweach, foarsafier at ik wit. Doe't de Kanadezen kamen wie der al hiel wat wurk ferset. De Sweach hie al krekt foar de befrijing sabotaazje plege by de Lange Brege oan'e Trekwei. Under lieding fan Bokke Dykstra fan 'e Lange Loane waard der de juns op 12 april al in ril groeven om de Dutsers yn'e weromtocht te hinderjen. Doe't Siep de oare deis nei pake en beppe yn Driezum gie stienen de Dutsers by de Lange Brege en dy halden him oan. Hy moast helpe om de grill wer ticht te goaien. De alde Jan en Anne wienen lykas hjar buorren Teade en Eibertsje al drok dwaande de swiere stiennen wer fan beneden oan de dyk om heech te sjouwen. In Dutser stie ut ferfelens fan of de brege mei skerp op de fisken te sjitten. Siep makke ta ferwundering fan de oaren in praatsje mei him. De dei dernei sil de Dutser syn geweer wol ynlevere moatten ha, want doe wienen de Kanadezen der.

FLEIS EN SKIEPWOLLE

It gie net allinne om it fleis. It gie boppedat om'e wolle. Der waard wat ofspind by us yn 'e hus en at it moai waar wie dan sieten de jongens gauris efter hus mei de bleate reg yn 'e sinne oan't spinnewiel. Siep hie mei heit in stellaazje makke mei in driuwstel wer't er sels de spinnewielen en de klossen meitsje koe. De wolle krigen we fan in skiep dat heit sa ut en troch slachte. Heit wie op syn njoggende libbensjier al fan skoalle nommen om't er in plakje by de slachter frij kaam om te wurkjen en der moast wat fertsjinne wurde. Syn ferfolgoplieding kriig er op 'e grifformearde jongelingsferieniging. Oan syn trouwen ta muost er syn fertsjinst ofdrage oan syn mem, fan earst by de slachter en fan letter as los arbeider. Fierder werkt 'er thus yn 'e tunderij. Foar us gefoel koe us heit fan alles. Doe't er fiif-en - sechtich waard boud'er noch folop mei oan syn eigen bungalow, tsjinoer de Fokkemaspleats. Yn elts gefal het 'er yn 'e oarloch in protte slachte en mem siet gauris hiele dagen te fleishimmeljen. Ik mocht dan altiten wat runbringe sa as by Jan Anne by de Lange Brege en by Griet de widdo fan Guoitzen fan Assen.

DE FAMYLJE MANSHOLT

Hei wurke as siezoenarbeider in protte op 'e Emma Hoeve fan de famylje Mansholt yn Slootdorp (Wieringermeer). Dan gie 'er nei in hiele drokke snein op Moandeitemoarns ierebetiid, om twa ure al, op 'e fyts nei Hans. At er op 'e tiid yn Hans wie koe hy mei de molkrider oer de ofslutdyk meiride. Sneontemiddeis kaam er dan wer thus. Buten it seizoen spon heit ek in protte jern foar de Mansholts. De heit en mem fan Sicco Mansholt wennen yn uthuzermieden en kaamen wol gauris by us oan om jern te heljen. Ien kear wie der safolle jern sponnen, dat it ynruile wurde koe tsjin in hiel ameubelement fan pluchen stoallen. Jan fan Tsjalling Sipma ut Dokkum ride mei in molketankauto op Amsterdam en op 'e weromreis gie der dan yn slootdorp oan om foar us weit en koalsied te heljen. Dat waard ferstoppe yn'e tank en by us brocht oer it hiem by Wiebe fan Dyk. It moast net tefolle opfalle.

DE SNEINSKOALLE

Guoitzen fan Assen krige in hartferlamming wylst 'er oan it wurk wie yn'e tsiismakkerij op Husternoard. Wat makke dat in grutte yndruk op us. Mei heit wie der us Sneinskoalle-master by us oan hus. Eltse sneintemoarn om alve ure. Wy hawwe as Sneinskoalle mei Kei Kloosterman wat ferskers ynstudeare om op it gref te sjongen, wer't dummy Baptist de lieding hie. Nei de oarloch, doe't ik op 'e Kweek yn Dokkum siet, haw ik heit syn plak ynnommen as Sneiskoallemaster. Hy fun dat ik as takommende skoalmaster sa underfining op dwaan koe. Dus der binne noch al wat Foestrumer dy't by my op Sneinskoalle sitten hawwe.

DE SWARTHANNEL

It leste jier fan 'e oarloch wie in spannende tiid. At ik mei Piter Swarthanneler op stap, wer't ik al earder nei referearde, dan siet ik by him foar op'e fyts en dy fyts waard lutsen troch in herdershun. Der wie dan gjin feekontrolleur dy't us ynhelje koe, mar it halde wol yn dat it dan gloepende kald wie der foar op'e fyts. Ik wie blier dat er sa ut en troch nei de skearbaas op Sanbulten gie om skeard te wurden. Dan siet ik efkes lekker by de kachel om my op te waarmjen.

Doe't Sjirk weromkaam hienen we in eareboge oer de barte makke en de flaggen hongen ek ut op'e buert. De juns kaam de muzyk "De Bazuin" mei in serenade. It korps wie elke kear wer present at er ien thuskaam ut Indie. Nei de serenade wie it wol sa drok by us yn 'e hus dat ik doe mar mei Martsje fan Assen oer Keatlingwier kuiere bin. Dat koe yn dy tiid om't er eigntlik noch hast gjin auto's wienen.

Hoe't it fierders ferrun

Seke wie op 'e naaiskoalle west en holp in protte thus en by beppe yn Driezum. Hennie gie letter nei de Hushaldskoalle. Heit nom Roel mei foar it boerewurk op 'e klaai en ik gie ut en troch ek mei. Ienris kaam heit mei us thus nei in dei swier wurk en doe sei er tsjin mem : "Dy jonge kin net nei de boer". Ik hie der gjin lea foar. Roel safolste mear. "MAR wat mat er dan?" Ik ha it noch in blaumoandei besocht by Alberts Janke op 'e pleats , mar dat hat Seije doe lokkich fan my oernoam. Der waard yn earste ynstansje tocht dat ik dan mar nei de Ambachtskoalle moast. Doe kaam tante Lies by us mem te praten en dy sei tsjin mem: Werom stjurst Jopie net nei de Mulo?" Dat mat earst bepraat wurde mei meester de Jong op 'e Triemen. Der wienen we oan't ein fan de oarloch op skoalle rekke. om't mem Roel ris unrjochtlik thus halden hie fan skoalle om te toarnbei-bledsykjen en dat hie de skoalle op 'e Sweach oanjun by de Gemeente. Der wie mem sa lulk om dat se fan de iene op de oare dei regele dat we nei de Triemster skoalle koenen. Meester de Jong sei dat er wol besykje woe om mei wat bylessen yn Fransk en Skiednis my klear te meitsjen foar de Mulo. Mei dochter Sjoukje en Johannes fan Wietse Bosma wie der der al earder mei begun. (Wa hie tocht dat ik twintich jier letter , doe't wy ut Afrika weromkaam wienen Leraar Fransk oan dizze Mulo yn Kollum wurde soe.) It ferrun sa goed mei my op 'e Mulo dat ik foar Mulo-B opgean mocht. Dertroch mocht ik fuort yn 'e twadde klas fan 'e Kweek. It gie boppe ferwachting fan de minsken om my hinne. Meester Hille Veenstra op'e Sweach hat letter wolris tsjin Sjirk sein dat er faak tocht hie "wat mat er ut dat jonkje groeie". It gunsde ek noch lang yn myn earren: "hy kin net nei de boer" Yndachtig oan wer't ik mei begun beslút ik myn ferhalen dan ek mar wer mei de utrop : "Oe Lieuwkje, is dat dyn pop?".



De Kanadezen

Fierders ferrun de befriijing yn us doarp sunder skokken. Op snein-temoarn, tsjin talven, seagen we de earste Kanadezen mei frachtauto's fol Dutsers. Foarop ried yn in burgerauto mei Oberman ut Dokkum op'e treeplank, mei gewear yn oanslag, om de Kanadezen it paed te wizen en om tagelyk betocht te wezen op eventuele unferwachte oanfallen. Wy hienen by Wybe fan Dyk by it ungetiidzjen yn 'e golle in prachtige auto untdutsen under de striepakken wert wy it hea oer hinne goaie moasten. De freedtejuns foar dy snein wie dy auto wer ophelle troch in wynhanneler ut Dokkum, wert Japke, in dochter fan Wybe Ytsje, tsjinne. Efterof betocht ik my dat dit wolris de auto west ha kint dy't foar de Kanadezen ut ried. Hy like der in protte op. Sa ut en troch kamen de Kanadezen dernei noch ris by us. Wy hellen dan farske aaien by Kei en Rolfke foar de Kanadezen en wy krigen dan sigaretten, aaipoeier en blikjes cornbeef fan har. Sy bakten de aaien under de moterkap wylst wy der by stienen. Se kamen ek noch wolris efter us doarp oer de Jan Boers brege, wert dan in pear Foestrumer famkes wat kontakt mei har hienen. Foarsafier at ik wit binne der gjin "ungelokjes" ut fuort kaam.

Wy koenen wer feestfiere

In pear minsken dy't op 'e Dutse kant wienen yn us doarp binne oppakt, mar sa't ik al earder fermelde dy wienen al rillegau wer thus. Fierders wienen der wat feestelikheden yn it doarp ek noch wol yn gearwurking mei de Triemen hienen we in folksen in skoallefeest. Letter ek wer ris in hurddraverij op 'e Hania reed (Brewi). Dy waar wun troch Jitse de Vries ut 'e Mieden, mei in hynder dat Siedze, syn heit, foar de gelegenheid even kocht hie op 'e hynstemerke. Dit wie ta misnoegen fan de jongens fan Jo de Boer fan'e Walddyk. Se hawwe besocht om te foarkommen dat Jitse him foar de wedstriid ynskriuwe litte koe. Uteinlik is alles toch noch gewoan troch gien en kaam Jitse syn hynder it earste oer de streep, wylst hy der sels offallen wie.

Us aldsten yn militere tsjinst

De jongeminsken koenen de wei wer op en ek wer gewoan oan it wurk. Teminsten at se net opropfen wurden foar militere tsjinst. Der wienen ek by dy't frijwillich in tsjinst gienen. Dy moasten nei de ynwurk periode nei Ingelan. Us Siep wie der ek by. Hy hat der sa'n treie jier by de sjenytroepen sitten. Ik wit noch dat er yn maart 1947 even thus kaam mei ferlof. Hy naam doe fytsbannen mei ut Ingelan en fierders toskpoetsersguod en sokssawat, under yn'e plunjeseke. Hy learde us hoe't we mei mes en foarke ite moasten. Sjirk wie tsjinstplichtich. Hy krige yn Assen syn oplieding as hospitaal-soldaat en moast al rillegau nei Indie. Wy hawwe doe op moandei 23 september ofskie fan him nommen yn Butenpost by de trein. Hy hat doe noch yn Assen west en is derwei nei Rotterdam gien om op de 27 ste inkept te wurden op De Ruys. Se binne 23 oktober oankaam yn Tandjong Priok. Sjirk is weromkaam mei "De Waterman" op 5 novimber 1949. At se de itenstafel yn dy tiid by us klear makken, waard er sawat treie jier lang sein Sjirk is der net! Siep is der net! En at der dan ek nochris ien of twa mear net wienen dan waard der sein :Wy binne hjoed net sa machtich wei binne mar mei us achten".

Noch even weromkomme op it molke opheljen. Wy dienen dat ek foar Reinders Griet. Dy hienen in jonkje ut Amsterdam en dat wie foar us Jopie Veringa. Wy beskogen him earst as in hungerevakuee, lykas wy via de Baptisten Tsjerke ek wol yn'e hus hawn hawwe. Fierderop wat mear oer Jopie Veringa.

Meinnoar ferantwurdlik

At wy juns ut ferskate rjochtingen thus kamen mei us molkebuskes, waard de molke yn in grutte panne getten. De dei dernei waard de remme der ofskept en ferdiel oer ferskillende jam-potsjes. Juns sieten we dan by de kachel mei de potsjes te skodsjen tot'er buter untstie. It wie in soarte wedstriid wa of't earst de buter produseare. Eltsenien fielde him ferantwurdlik foar it wolwezen fan de hiele hushalding en wy setten us der foar yn. Yn'e hjerst runen we efter de biteskippen oan en ropen al mar : Skipper mei ik in bit". It wie foar de kninen of wy ruilen se foar wat broadtsjes fan bakker Rozema. Der wie us mem tige blier mei. Ik kocht wol gauris wat lytse hoannepykjes by Kei en Rolfke sadra at se kamkes krigen en yn seis wiken koe ik se goed fetmeste en dan kaam Durk Atze's om se troch te ferkeapjen en dan hienen wy wer wat fertsjinne. Ik kocht in lyts geitsje en ha dat opfokt en it waard sa'n prachtig beest dat doe't it op 'e geitekeuring in twadde priis krige, doe hat heit it fuort en daliks ferkocht om't in protte sinten opbringe koe en ik wie myn geit wer kwyd. Dat gie my wol oan 't hert. De grutten koenen net sa goed mear by de streek weze, dus de jongere bern en de froulju moasten fral it wurk buten de doar dwaan.

Fleanmasines waarden del helle

Der waard wanhopich utsjoen nei it einde fan al dy ellinde en lijen. De loft wie fol mei alliearde fleanmasines en inkelden waarden in us omkriten del helle. It tsjerkhof yn Driezum en yn us eigen doarp tsuget der noch fan. Yn oktober 1941 is der in Wellinton delkaam by de Aldswemmer. Yn 1942 ien by Driesum. Wy stienen foar it daksolderfinster en seagen it. Sjoerdje fan Assen sliepte die nacht ek by us, omt se oerdeis holpen hie mei de wask en sa. Efter de Driezumer bosk foel it branend del. De datum ferbine wy mei de berte fan de twilling by Kei en Rolfke yn dy ferskriklike nacht. De oare moarns betiid giienen heit en ik oer it iis der op ut. Wy funen oeral stikken aluminium en nommen it mei. Doe't we hast thus wienen seagen we in pear dutsers op 'e fyts by de Kalkhusbrege oankommen en wy moasten us hastich unsichtber meitsje by Feike Pytsje efter hus. Lokkich hienen se us net sjun. It spul hat noch jierren by us op' hoksolder lein, mar wy hawwe der nea wat mei dien. Op 5 maaie 1943 is der by Westergeast noch in Halifax delkaam. Yn datselde jier waard der troch de alliearden ek in dutse fleanmasine by us doarp delsjitten. It hiet in Focke Wulf te wezen. De Kollumerkrante hat der in 1998 wiidweidich oer skreaun.

IT LESTE OARLOCHSJIER
Bylden ut it ferline (diel IV)

Yn 't hea

Wy wienen simmers ek in protte yn it hea. At we ut skoalle kamen rop mem al : "Pake is yn it hea". Dan wisten wy wol hoe let at it wie. Wy fytsten dan sa gau mooglik nei de headollen en oan't wurk. Wy wienen ek wol gauris by Sake Dieuwke yn't hea. By de van der Werffs krigen wy tuskentiids goed te iten, hoewol it alde Kelders Gjertsje wol oan't hart gie at Dieuwke us sa lekker oan't bedjerren wie. Beppe Gjertsje siet dan wat yn de hoeke te protestearjen, mar dat hie alles te meitsjen mei hjar alderdom, want sy wie bernskens wurden. Sy droech ek noch in earizer krekt as Griet van der Saag. Wy sieten dan op it trepke fan de hege keamer boppe de kelders us stikken bole op te iten.

Bauke Turkstra

We wienen ek wol by Minne Tryn om 'e stallen skjin te meitsjen by't maitiid. At alles wer skjin wie mochten we der in feestje yn organisearje . Tryn makke dan yn in koekpanne foar us wat lekkers mei buter, hjouermout-flokken en suker. Wy neanden dat droechbrea. Juns brocht Minne , doe't it fee wer yn't lan wie, de karre mei de molkbussen nei it plak wer't er de oare moarn melke moast. Dat skille dan moarns in heal ure. Bauke fan Harms Antsje gie dan wol mei op 'e wein. It hynder waard dan loslitten , mar dy iene kear wie it hynder ferskriklik oanstjur en joech Bauke in trape tsjin 'e holle. Hy hat noch blut tatsjinne krige fan syn aldste suster Jehanne. Mar it mocht net mear bate. Mei master Fan Wessel hawwe wy as bern noch op kondoleasje west. Soks bliuwt jin by. Oan 'e eastkant fan d tsjerke leit er op it hof begroeven.

Even fierder oer Jopie Veringa. Al rillegau fertelde Jopie oan my dat er sa eigentlik net hjitte. Om't er joadsk wie moast er as fermomming sa hjitte, mar yn't echt hiet er Martin Bloch. Ik tocht dat ik sawat de iennichste wie dy't wist fan dit geheim. Mar it lyke al gau in publyk geheim te wezen. Wy wienen op it swimmersplak oan't swemmen en doe wie der ien dy't op it unsillige idee kaam om Jopie Veringa de swembroek of te luken en te roppen: " Sjoch , hie is besneden". Dus der gie myn fermiend geheim. Sels de minsken dy op 'e dutske kant wienen yn us doarp moat it wol witten hawwe dat Jopie Joadsk wie, mar hja hawwe der gelokkich neat mei dien. Nei de oarloch is er in hantekeningsaksie west om dizze minsken wer frij te kryen doe't se nei de oarloch oppakt wienen. De Foestrumers hawwe de hantekening der foar setten dat se gjin echt lest hawn hawwe fan de ferkearde kar fan dizze Dutsgezinde minsken ut us doarp. Even werom nei Jopie. Ik hie ek wol wat geheimen foar it stedsjonkje. Ik moast him utlizze werom at de kij ien kear yn't jier under de bolle moast by Alberts Janke. Om't de ko ien kear yn't jier in kealtsje krije moast. Myn informaesje gie ek net folle fierder, om't ik tocht dat ik hjiryn in parallel sjen mocht mei us hushalding. Wy kriegen ek sawat ien kear yn't jier in pop. Spitichgenoch is Martin foart nei de oarloch dearekke under in tram, doe't er besocht noch hastich op tiid in oare tram te berikken. Ferskrikkelik tryst.

De hiele oarloch trochkaam mei protte libbensgefaar foar himsels en foar oaren en dan sa flak dernei oan't ein komme. Syn alden hawwe de oarloch oerlibben en se kamen nei de oarloch noch wol yn'e simmer om mei Reenders Griet mei in prachtich jacht in boattocht yn us omkriten te meitsjen. Master Fan Wessel hat Jopie Veringa yn 'e klasse hawn. Tidens de lessen koe it jonkje master somtiden goed oanfolje. Fral yn'e bibellessen at it om Joadske gebuiken gie. Master hat nei de oarloch de alders yn Amsterdam noch opsocht. Se woenen him in kado jaan foar syn goede bemiddeling. Mar hy woe en koe dat net oannimme.

It Underdukersplak

It waard al mar benauder yn dit leste jier. Der waard sels in underdukersplak utgroeven yn'e Hania bulten. Der hawwe Sjirk en Siep ek noch in pear nachten mei oaren ut it doarp trochbrocht. Oerdeis moast ik doe iten nei de Hania's bringe en dy soargen derfoar dat it unopfallend by de jongens terjochte kaam. Hja hawwe it er net lang uthalden. De oplossing foar it underdukersplak waard yn us eigen hus socht. It hichteferskil tusken de foar- en eftersolder joech de mooglikheid om in skulplak te meitsjen dat allinne mar untdekt wurde koe as it hus fan binnen en fan buten opmjitte wurde soe. It gie om in ferbouwing op 'e solder by de krimpe wer't it dak mei twa butenmuorren oansluting hienen. De bedstee fan de efterkeamer wie leger as de bedstee fan de foarkeamer. Dat hichteferskil waard unsichtber makke op'e solder, wêrtroch it skulplak untstie. In pear planken ut it besket fan de hege bedstee ^EN wy hienen der tagong ta. De planken koenen wer werom set wurde en der waarden in pear gatten boarre yn it besketten dak foar de frisse lucht. De lytsen koenen der sliepe en at er in razzia wie dan moasten de lytsen yn'e bedstee en de underdukers yn it skulplak. De Dutsers moasten net in leech waarm bed fine. It hat allinne in pear kear loas alarm west, mar sa'n skulplak joech ek wol in wat restiger gefoel.

Dummy Baptist

Hy hjitte Baptist en hy wie ek baptist. Dus hie die syn namme wol eare oan. Dummy Baptist siet yn't ferset en wie wol aardich op'e hichte mei skulplakken, mar hy joech heit en Siep in komplemint, om't er it net fine kint hie. Dizze dummy fytste run mei in skipperspet op. Sa ut en troch wie der ek noch wol oan't turf-traapjen. De minsken fan it ferset fan'e Sweach en omkriten waarden bekint by de dutsers om't de tsjinstfaam fan Beerda Houtstek trochjun hie dat der in list mei nammen fan de fersetsminskens under it teeblikje lei. Der wiene se op of kaam sa't er fertelt wurd. Dummy Baptist siet ferskule yn'e Feankleasterbosk en hie der radio-kontakt mei de Ingelsen. Doe't heit syn jierdei hie yn 1944 kaam dummy stikum by us. Hy wie under de yndruk fan it kado dat Sije en ik foar heit meitsje litten hienen. Wy hienen by Jehannes Roek (tsjinoer Minne Tryn) in fiifkopskoer bestelt. Jehannes wie wat ekstra donker foar in fries en derom waard 'er Roek neamt. Dizze Jehannes de Vries makke fan wylgetwigen kuorren. Wy stiene der dan faaks by te sjen hoe't er it kuorke yninoar frissele. It foarige jier hienen we in ierappelkoer oan heit op syn jierdei jun. Dizze kear wie it in wat lytsere fiifskopskoer, om't we wat minder busjild te besteden hienen.

De Befrijing en dernei (beslut)
Bylden ut it ferline (diel V)

Op nei de ein

De dutsters krigen it benaud. De tidings dy't trochkamen joegen de minsken wer wat moed. It doarp siet fol mei evakuees. Fral ut Limburg en wat hongerevakuees ut Amsterdam. Letter kamen der noch wat by ut Arnhem. It gunze fan de geruchten. Yn dy tiid haw ik noch wolris by pake en beppe nei de ingelse sender harke en de stem fan us keningin heard. Ik fun it geweldich dat se safolle fertrouwen yn my hienen om dat mei te meitsjen. It apparaat waard fan under de flier fia underste planken yn de kast nei boppe helle en oansluten op it elektrisch net. Dan sieten we mei grutte oandacht der yn in kring omhinne.

De Moffefammen

Yn 1943 binne wy op 'e Trekwei pas oansluten op it elektrisch. De man dy't der de lieding by hie wie in NSB-er ut Kollum. Syn dochter sloech mei de dutsters om. Mei noch in oar famke stie se op 'e Kalkhusbrege te wachtsjen. Wy krigen ris in stik sukelade fan dizze fammen, doe't wy noch net troch hienen dat se derwei helle wurde soenen troch in pear Dutsers. Doe't se letter wer op 'e brege stienen en us wer sukelade aanbieden, hawwe wy dat wegere mei de wurden :Wy wolle gjin sukelade oannimme fan froulju dy't mei moffen omgeane". Efterof besjoen wie dat wol prinsipieel, om't sukelade hast neane te krijen wie.

Sjitgatten grave

Eltsenien die't in skep tille koe en dy't men te pakken krije koe waard ynsetten om putsjes te graven. Om 'e safolle meter waard er in gat yn 'e grun groeven. Grutte Wobke wie ien fan harren en hy hie op in stuit gjin nocht mear oan it graven. Doe't de kontrolearende Dutser in eintsje fierder op wie, sloech er syn skep kapot om even ut te resten. De Dutser sei dat er in neie skep helje moast by de pleats fan Sake Dieuwke. Sjuk van der Heide waard ek ophelle, mar de Dutsers wisten dat Sjuk net sa maklik wie en wie seagen hoe't Sjuk op 'e Trekwei fülleare waard, foar at er meinom waard. Se founen in swiere steksleutel ut syn binnenbuse en goaiden dy yn 'e Trekfeart. Nei dy tiid hat Sjuk fanut in roeiboat noch in hiel skoft mei in magneet sitten te fiskjen om de sleutel werom te finen, mar it is him net lukt, foarsafier 't ik wit. Soan Bearn wist hjir neat mear fan.

De smokkelders

Hedzers Rike kaam faak op woansdei temoarn mei Meta, de frou fan grutte Fokke, by us thus mei selfmakke buter en in protte reaven jern om it liif om te wachtsjen op 'e Dokkumer frachtboat fan de beurttsjinst op Grins. Wy setten dan in biezum by de Trekfeart as teken dat se oanlizze moasten. Soan Wiebe en syn frou, dy't no yn Medemblik wenje en ut en troch nochris by Minze en Berber kamen koenen der noch smaaklike ferhalen oer fertelle. Minze en Berber wenje sunt 1959 yn it aldershus fan de Westra's.